

FRYSLAN-A EKSAMEN
26 septimber 2015

IV Skriuwopdracht

(60 min.)

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wát** skriuwt.*

1. In âlde freon of freondinne moetsje

Okkerdeis kaam in skoaldefreon/-freondinne, mei wa't jo yndertiid in soad op en út west hawwe, jo ynienen wer yn 't sin. Jo fregen jo ôf hoe't it mei him/har wêze soe en wiene fan doel om ris op ynternet te sneupen. En hoe is 't mooglik, no hat jo broer him/har troffen en it adres krigen. Skriuw it brief dêr't jo it kontakt mei lizze.

2. Autokaai weitôge

In wykein tegearre nei de kust! Op 'e hotelkeamer de koffers leechmakke en alles is teplak. Nei in kuiertocht oer it strân foar it iten noch in gleske en dan noflik lêze by de iepen hurd. Och, de boeken lizze noch yn 'e auto. Eefkes ophelje. Mar wêr is de autokaai? Sykje, sykje, alles oeral... mar gjin kaai te finen. Hoe giet it fierder? Fertel jo ferhaal.

3. Docht jo strjitte mei oan it doarpsfeest?

Om 'e twa jier is der by jo op it doarp feest. Der is dan altyd in soad te dwaan: fersieringen, wedstriden en gean sa mar troch. Mar jo strjitte docht der oant no ta net oan mei. Jo binne fan betinken dat it oars kin en moat. Jo nimme mei in buorman/buorfrou it inisjatyf. Skriuw in brief oer jo ideeën oan de bewenners fan de strjitte.

4. De bern op harsels en de hûn dea

De bern binne it hûs út, de hûn is okkerdeis nei sechstjin jier moarns net mear wekker wurden en jo binne mei pensjoen. In wrâld fan frijheid leit foar jo. Fertel oer jo plannen.

5. SSP'er wurde!

It bedriuw dêr't jo jierren foar wurke hawwe is yn oare hannen oergien. By eintsjebeslút hawwe jo – mei in goede finansjele regeling – dien krigen. No hawwe jo de kâns om foar josels te begjinnen en jo nimme de stap. Fertel hoe't dat giet.

6. In samler is in jager

Der binne in protte lju dy't wat sammelje. Foar harren binne ynternet en de rommelmerk wichtich as jachtfjild. Hawwe jo ek in samling? Fertel dêroer.

7. Ynbrutsen!

Jo komme werom fan fakânsje, stappe yn 'e hûs en witte net wat jo sjogge: it is in grutte binde, alles leit oeral. Der moat ynbrutsen wêze! Hoe giet it fierder? Fertel jo ferhaal.

8. Skjinne enerzjy

Nederlân set yn op skjinne enerzjy. Hokker foarmen hawwe jo foarkar al of net en wêrom? Fertel dêroer.